

De Brulloft

Karen Bies



oarewurden
|||

Co-funded by the
Creative Europe Programme
of the European Union



otherwords
|||

De Brulloft

sneintemoarn 8 april

Ids leit neist my en hy sliept noch. Wy binne tegearre sûnt justerjûn. It wie de tredde kear dat we ôfpraat hiene yn The Rose, dêr spilen bekenden fan skoalle (Noel en Jane) en muzikanten dy't der altyd binne. De piano fan The Rose is wol âld mar net falsk dus Ids siet der hyltyd achter. Brendan frege oft ik 'Galway Shawl' sjonge woe en letter die ik noch 'Beautiful' fan Christina A., tegearre mei Jane. It wie krekt as foel der wat fan my ôf. It sjongen holp, mei de klanken fan de piano en it witten dat Ids dêr wie.

Wy strjittetuten hiel lang en sûnder te freegjen rûn hy mei my mei nei hûs. De flesse reade wyn dy't ik noch hie fan myn jierdei dronken we leech. Ids kaam by my lizzen mei syn holle yn myn skurte. Hy tutet sa hearlik en syn pianohannen binne sa sêft en sterk tagelyk. Ik wie in bytsje dronken, mar net té dronken om net mear te witten wat ik die, snapst?

Ids. Ids, ik hoopje. Please PLEASE. Leaf deiboek ik skriuw om mysels gerêst te stellen dat hy it mient mei my. xxx

tongersdei 12 april

Der moast in jurk útsocht wurde en ik moast mei. Bah. Nije wike haw ik tentamens, mar mem is nochal fan de tradysjes dus der wie gjin ûntkommen oan. Se hie it leafst beppe meinommen, mar dat kin dus net mear. No wiene wy mei syn trijen yn de breidsjurkeboetyk, mem, aunt Nora en ik. Plus noch twa ferkeapsters, ien mei in spjeldekessentsje op har pols en in blonde. Mem begûn te passen en Nora en ik sieten yn reade klupkes (sa neamde mem se, sachte stuollen) en we krigen tee.

Ik seach om my hinne, sa'n winkel fol mei breidsjurken, dames sûnder holle, allegear wyt of wyteftich yn trochsichtich plestik. Ik fiede oan it blomstik op it taffeltsje. As dit trouwen is, sil ik net trouwe, dat wit ik wol.

Mem kaam út de paskeamer en ja hear, Nora begûn fuort te gûlen. 'Oooohhh', sei se. 'Grace, it's lovely.' De ferkeapsters rôpen ek dat it hiel moai wie. Dy binne wol wat wend kwa emoasjes seker. Ik koe niks sizze.

Mem stie foar ús, sinnebankbrún dus it wyt like noch witer. De jurk hie in sleepke en glinstere as in sniehelling yn de sinne. Wat der ûnderoan de jurk oan stof tefolle siet, miste trouwens oan de boppekant, want mem har boarsten koene der mar kwalik yn. 'Past er wol?' sei ik.

'Gjin soargen, dat komt goed,' sei it spjeldekessen en se begûn oan de jurk te lûken en mem har maten op te mjitten. Mem lake nei my yn de spegel en seach my freegjend oan, al socht se myn steun, foar de jurk, foar Kieran. Okee mem, ik sil net te negatyf wêze, ik wol de dei net bedjerre.

Mem paste noch twa oare breidsjurken mar keas úteinlik foar de earste. Der kamen noch bypassende siden skuon by en fansels in BH, dy't neffens de blonde 'it dekolletee moai útkomme liet en tagelyk beskermje soe'. By al te wyld dûnsjen of sa, tink ik dat se bedoelde. Se krige noch in frutsel foar yn it hier, dat hjit in 'fascinator', sei de blonde. Doe wie it klear.

Tante Nora fleach mem om 'e hals. Se gûlden doe beide. Dan gean ik ek mei fansels, deiboek, dyn Ruby is wol hurd mar net fan stien. Mem stuts har hân nei my út. 'Kom hjir ris, pop.'

Ik kaam by har stean. Har liif fielde frjemd hurd, se rûkte nei Hermès. Nei in skoftke liet mem los en sei tsjin my: 'Sa. No do.'

freed 13 april

It is âldrôze wurden. 'Prachtich,' seine mem en Nora, 'by dyn read hier.' Ik draaide in rûntsje foar de spegel en fielde my as prinses Kate of Pippa. Prinses Ruby! Doe hearde ik dat Kierans suskes presys deselde jurk krije. 'Wy sille der útsjen as trije rôze biggen,' sei ik tsjin mem. Mar se stie der op, want dit soe sa moai passe by 'it gehiel'. Kieran krijt in griis pak mei in rôze strik.

Ik bin bang dat it in ferskrikking wurdt. In fertoaning! Mar dit moat mem har dei wurde. De moaiste dei fan har libben sil it net wêze, want dat wie doe't ik berne waard (dat sei se faak, doe't ik lytser wie).

Dat Kieran it ek mar even wit.

sneon 14 april

Dit wykein is lds mei my mei nei Hollyrock. Hy sliept op 'e útfanhuzerskeamer. Doe't wy O'Reilly's pub yn kamen fielde ik my ûnhandich en grutsk tagelyk. Unhandich omdat ik nije learskes oan hie. Grutsk op myn lange donkere lds, dúdlik net fan hjir. Gelokkich drinkt hy gewoan bier.

Tara fan aunt Nora wie der. Sy stie by de bar tusken in pear mannen yn. Har krollen liken ljocht te jaan en op har stilettohakken stuts se boppe elkenien út. Ik frege my ôf oft sy ek gjin seare fuotten krije soe, alhoewol't Pete O'Donoghue fan de sportfiskwinkel har hyltyd ûndersteunde. Tara is twa jier âlder as ik, se wennet yn Dublin en se hat in hiel ynteressant libben, sa't it skynt. Dêr wibe se al op ús ta.

'Hey Ruby, hoe is it?' frege se. Ik stelde se oan elkoar foar: 'My cousin Tara, ... My friend lds. He's from the Netherlands.' Se begûn wat te laitsjen. 'It's? It's... what?' lds lake freonlik nei har en sei: 'It's me.'

Tara har eagen baarnden mar ik wie der net bang foar. Toe mar pop, doch dyn bêst mar, hy is fan my. Se nipte fan har gin-tonic en wibe-wibe werom nei Pete O'Donoghue.

Mem en Kieran sieten ek oan de bar en mem sei tsjin lds (op sa'n gewichtige toan) 'dat de freon fan har dochter útnûge wie op de brulloft, foar de hiele dei'. O echt... in cringe-momint.

Fansels stjitte ik doe myn glês bier om en it opdweiljen joech lds de kâns om der even oer nei te tinken. It hoeft net, it hoeft echt net ast net wolst! Mar doe lake hy ûnder syn swarte krollen wei en sei dat er graach komme soe.

Kieran siet hyltyd mei de earm om mem hinne. Hy seach dêrby as hie hy de haadpriis al wûn.

OMG!!!! lds komt op de brulloft en ik wit net oft ik dêr bliid mei bin. Yn Galway is lds oars as no yn Hollyrock. Nei O'Reilly's pub giene wy nei it strân. It wie leech wetter. Wy rûnen oer de stiennen, de learskes diene my sear mar ik woe net piipje. It wie wynstil en we hearden de seefûgels.

Ik sei: 'Soms mei westerstoarm komt de see hjir sa heech, dan rint it wetter oer de kade hinne, de huzen yn op Shore Road.'

'Really.' Fierder rûnen we mar. lds sei hast niks, allemachtich wat is dat dochs teringferfelend! Is der wat jonge, kin ik der nei freegje of better fan net? Bist mei dyn muzykholle oan it fantasearjen, of sitst gewoan te tinken ofsto jûn noch mei my tûtsje wolst? Deiboek, ik fielde hyltyd de spanning, as rûn dy mei, tusken ús yn.

We stiene stil foardat we de kade wer opgongen en doe pakte lds my fêst en struts mei de hannen oer myn lichem. Ik waard fansels totally waarm. Hy tute my heftich en pakte lokken fan myn hier. 'It is it fjoer yn dy!' Ja deiboek, sokke dingen seit hy. Dingen dy't sa yn in songtekst kinne.

En doe: 'Ha wy elkoar moete om elkoar te finen?' Dat sei hy ek. Lekker sweverich.

Ik antwurde: 'Do hast my allang fûn. Dit is wa't ik bin. Just your Ruby. What you see is what you get.'

lds lake: 'Wól ik dy wol fine? Of wol ik miskien dat Ruby in mystearje foar my bliuwt?' Deiboek, wat moat ik hjir no mei? Wêrom moat ik in mystearje wêze? Wol er my wol ha? Of bin ik te gewoan? Mar ik wol ek sweve lykas hy, en dat hy my dan meinimt te sweven.

We hawwe op it strân dus allinnich tute. That's all about us. Tink ik.

snein 15 april

Kieran is bliid dat ik myn oandacht ferlein ha nei in oar, sadat ik net mear sa op him let en hy syn gong gean kin mei mem. Hy hat de jurk fan mem noch net sjoen. 'Dat moat in ferrassing bliuwe.' Doe't sy dat tsjin him sei, lei hy de earms om har hinne en sei er dat sy sawisa de moaiste wêze soe. It wie awkward. Se gibebe, sa... sa irritant senuweftich. Ik draai my dan mar wer om.

Thús is it no wol rêstich, allinnich mei mem. Se wol net earder mei Kieran tegearre wenje, as dat sy syn trouwing om har finger hat. Mar oer heit prate wy noait mear. Mem is net yn de stimming, dy sit mei har holle by har ferwaarmingsmonteur. (Se wit no wat in sirkulaasjepomp is en in ekspânsjefet of hoe't it allegear mar hjitte mei, en se docht krekt as is dat hiel belangryk.)

It wurdt in brulloft mei trijehûndert nammen op de gastelist en live-muzyk fan de Jukeboxies en in feest oant djip yn 'e nacht.

It is yn hotel The Waves, dat kompleet ôfhierd wurdt troch O'Reilly's Bar & Undertakers. De neven fan Kieran fan heitekant hawwe de kroech yn Hollyrock en dêrby ek noch de begraffenisûndernimming. Leadjitters, barkeepers, deagravers. It liket wol as binne de O'Reilly's oeral by yn dit doarp. Kieran seit: 'By libben en by dea en mei drank derby om dat alles draachlik te meitsjen.'

Se trouwe net yn tsjerke.

De earste kear troude se yn tsjerke. Uteinlik lei dêr dochs gjin segen op, want dat wie mei dy asshole fan in Ron. Ik wie tsien jier mar ik hie al gau troch dat Ron net doogde. 'Moatsto net ris op bêd?' sei er as ik krekt mei chips en fanta op de bank siet.

Mem hie it ek sjen moatten, fyn ik. Deiboek, mem hat soms echt de eagen yn de bûse. Hy beloofde har de himel en sy trape deryn. Op dat feest yn it bowlingsintrum kamen wol fiifhûndert man. Ek doe hie se in moaie jurk oan en se wie noch tsien kilo lichter ek. Dochse wie Ron al binnen it jier útneaid mei in kassafamke fan de Centra. Ik tocht dat mem it doe wol út har holle litte soe om wer te trouwen.

No is it acht jier letter en no is Kieran der.

Mem belle it ynstallaasjebedriuw fan O'Reilly's omdat de ferwaarming stikken wie. We sieten al twa dagen te bibberjen fan de kjeld. Doe't mem de monteur der yn liet, hie ik it al troch. (Sy net hear! Ik bin dêr dus folle tûker yn as mem.) Hoe't hy nei mem seach, kinst dy foarstelle? As wie sy de earste frou dy't hy yn tsien jier tsjinkaam. 'Kieran O'Reilly. How are you.' In bear fan in fint en hy joech mem in hiele grutte hân. Hy knypeage nei my. (Ik fyn dat dat net heart, tsjin ien dy'tst hielendal noch net kenst. Mar ik wit no dat Kieran dêryn ek hiel ûnhandich is.)

Hy sei tsjin my ek 'How are you', moast der lâns mei syn kiste en dat woe mar amper yn ús smelle gonkje. Mem rûn foar him de trep op om him de stikkene boiler te wizen en doe't se mar in minút letter wer nei ûnderen kaam hie se reade wangen.

We hearden him fluitsjen wylst er boppe op souder dwaande wie. Hy fluite 'Grace', nota bene. Letter gong it fluitsjen oer yn sjongen. '*O Grace, just hold me in your arms and let this moment linger...*' OMG, hoe trochsichtich wolst it hawwe? tocht ik. Ik wit noch hoe't syn lûd galme yn it trepsgat. Mem stie te laitsjen wylst se kofje foar him sette.

Wylst ús hûs wer opwaarme, hie se noch wol in putsje want de waskmachine stie hyltyd sa te skodzjen, en och, de daksgoaten lekten ek, hjir en dêr. Foardat ik it wist, wie Kieran alle wiken by ús thús en duorre it kofjedrinken hyltyd langer.

Se hawwe no in jier ferkearing.

Kieran hat it ynstallaasjebedriuw yn Ballyfields oernommen fan syn heit. 'Ik bin ta oan fêstichheid,' seit er. En dan sjocht er nei mem mei sa'n hûneblik. Do snapst wat ik bedoel. Fan dy smekende eagen. Kieran liket op in labrador, sa'n bliere grutte lobbess dy't altyd mei de sturt slacht.

Tante Nora en omke Keith hawwe sa'n hûn dy't elkenien de hannen slikket. Hy is al tefreden mei in aardich wurd of in aai oer de kop. Smytsto in stok fuort, hy hellel him foar dy op.

Kieran besiket ek altyd aardich tsjin my te wêzen. Hy set tee of kofje of skinkt my sels in wyntsje yn, as ik yn it wykein thús bin. 'Hoe giet it mei dyn stúdzje, Ruby?' weaget er soms te freegjen. Ik begjin dan oer solfêge en muzykteory en komposysje, ik praat oer dingen dy't him niks sizze en hy sjocht my strak oan mei syn hûne-eagen. Ja, it is hiel flau fan my.

Meastal gedraach ik my wol, want ik mei yn syn bestelauto ride. Ik soe wol oan Kieran wenne kinne, hear.

freed 20 april

Ik mis beppe Katie, leaf deiboek. Ik kin oan dy alles fertelle, mar mei beppe koe ik ek goed prate. Ik begryp no dat se ek wol dingen foar my achterholden hat. Yn de brief dy't se oan my skreaun hie, stiene dingen oer heit. Mar der is noch safolle dat ik net wit. Hoe koe heit ús ferlitte? Syn dochter lei yn de bernewein. En hoe hat de famylje heard dat hy ferûngelokke wie? Oer dat soarte fan dingen wol mem net prate. Troch al it gedoch mei de brulloft ferjit se wêr't it echt om giet. Leafde. Mem hopet op gelok, mar wêrom moat se dan yn fredesnamme wer trouwe... ik snap it net.

Under de ôfwask haw ik it frege. (De ôfwaskmasine is stikken, dêr sil hjoed of moarn Kieran syn wetterpompange ek wol oan te pas komme.)

Se sei: 'Ruby, wy hâlde fan elkoar.'

Oeh. Dêr hie ik de kribels op 'e rêch. Trochfreegje. 'Mar wannear bist séker fan in man?'

'Kieran is hiel leaf en hy hat alles foar my oer.' Dat seist no mem, mar der hoeft mar in oare frou op it ferkearde momint te ferskinen en alles wurdt oars.

'Hoe witsto oft hy it serieuus mient?'

Se sei: 'Ik fiel dat ik him fertrouwe kin.'

Ploink, it bestek yn it wetter. Sa wis as mem fan harsels is, en fan Kieran! Ik wit noch, en mem sels ek hiel goed, hoe'n liger Ron wie. Hy kaam hyldyd letter thús en lei dan op 'e bank mei syn lilke kop. It iennichste wat er die, wiene de boadskippen. Mar dat hie dus ek in oare reden. Mem giet sûnt dy tiid noait mear nei de Centra.

Ik hold foarsichtich in skaal ûnder de hite kraan en frege: 'Mar wêrom soest him samar yn dyn hûs wenje litte?'

'Omdat wy it leuk hawwe mei elkoar. Wat jout dat no?'

Ik sei: 'Mei Ron hie mem it earst ek hiel leuk.'

Dat wie mis.

Kleng! Mem sette de boarden fierstente hurd yn de kast. Se seach my oan mei felle eagen. Deiboek, se wie WOEST. 'Wy binne gelokkich, sjochst dat net?' Doe gong se los: 'Dyn heit wie in lul!' (ja wier, dat sei se oer heit!) 'Ron wie in noch gruttere lul!

Mar no ha'k ien dy't ik fertrou! Wêrom gunsto my dat net? Witsto wol hoe dreech oft it foar my west hat yn dit libben?'

Se drûge ôf mei driftige bewegings en kletste de pannen op 'e tafel.

Mar ik wie der ek noch! 'Fansels gun ik it mem wol. Mar mem, do libbest yn in trance op dit momint! Mei dyn drokte oer de jurk, oer de gasten, oer it iten, oer hoefolle salm en byf. Ik bin dyn dochter. Kinst fan my ek gjin ferstannich wurd hearre?'

'Ruby, do hast dyn eigen libben. Ik wol dat er ien nei my omsjocht. Nei MY!'

Pats. Dêr foel de skaal fan beppe op 'e tegels yn tûzen stikjes.

Ohhh. Leaf deiboek... mem wie der ôf. Se smiet de teedoek fuort en hold de tafel beet. Ik drûge my de hannen ôf en sloech de earms om har hinne.

Hermès. Un Jardin Sur Le Toit. Har parfum is gelokkich net feroare, mem rûkt krekt sa sterk as froeger. Doe wie se de frou mei de fjoerfêste hannen, no hat se krekt beppe Katie har skaal falle litten. Ach mem toch.

tongersdei 26 april

Muzykskiednis haw ik goed makke.

Ik haw Ids juster sjoen, doe't syn band spile yn The Rose. Ik moast op 'e tiid nei hûs ta fanwege tentamen didaktyk. Hy fernaam it net iens doe't ik de jas oandie en fuortgong.

No lis ik op bêd en krekt krige ik noch wol in appke fan him. 'Miss you!' En in emoji fan in tût. Deselde emoji dy't ik mem of Jane ek wolris stjoer. Miskien is dit foar him normaal? Of normaal wêr't hy weikomt. Ik wol it net witte, fuck Fryslân. I want Ids. Love you, Ids. Id's love. But I am not sure. Ik sjong hyltyd Rita Ora: '*Wish that I could let you love, let you love me. Say what's the matter with me?*' Owowowowow ik moat sliepe.

sneon 28 april

Ik wie by omke Keith en tante Nora want sy soe my de jurk noch wat koarter meitsje. Tara en Deirdre wiene beide thús. Deirdre frege oft ik wol nocht hie oan de brulloft. Ik sei mar fan ja en prate der fierder net mear oer.

We dronken tee oan de grutte tafel mei de naaimasine tusken ús yn.

Zzzzzzzzzzzzz. Ynienen sei tante Nora: 'Hast nei de brief fan beppe Katie noch mear te hearren krigen oer dyn heit?' Zzzzzzzzzzzzz. Wylst it kloske jern keihurd yn 'e rûnte rattele, fielde ik in skok troch my hinne gean. Tante Nora wie der tsjin my noch noait oer begûn!

It ljochtsje skynde fel op de seame fan myn rôze jurk. Ik sei: 'It leit op it momint wat moeilik. Mem hat stress foar de trouwerij en se mist beppe. Se kin der niks by hawwe.'

'Ja,' sei tante Nora. 'It is ek net maklik. Mar it komt fêst goed, famke. Se sil it dy in kear allegear fertelle. Jou it even tiid.' Zzzzzzz.

'Aunt Nora, witte jo der mear fan?' frege ik.

Nora seach my efkes oan mar doe wer nei de nulle. 'Leave, ik soe wolle, mar nee. Ek tsjin my praat Grace dêr leaver net oer.'

Zzzzzzzzzzz.

Dêr kaam Tara. Se bûgde oer de tafel in bytsje nei my ta en sei: 'Earme Ruby. Gelokkich foar jim is Kieran der no.'

Nee hê. It domme skiep! Ik naam in slok hite tee. De triennen sprongen my yn de eagen.

'Ach Tara, hoe kinst it sizze? Dêr giet it no dochs net om,' sei Nora achter de naaimasine wei. Deirdre pakte my by de hân beet. Tara helle allinnich de skouders op.

Lily's Bridal Boutique yn Galway belle juster mei mem, mem belle my want ik moast wer mei om de troujurk te passen.

Mem wie trije kilo ôffallen. Se die panikerich. 'Moatte jo him no wer ynnimme?' frege se oan it spjeldekessen. Dy skodde fan nee. 'Ik hie hjir al rekken mei holden,' sei se. 'As jo de kommende dagen no gewoan ite en betiid op bêd geane, dan past de jurk nije wike presys.'

By the way, myn rôze biggejurk stiet my formidabel, sei Kieran.

tiisdei 1 maaie

Didaktyk ferknoeid. Muzykteory bin ik ek net wis fan. Ik tink oan Ids. We appe faak en hy komt freed op de brulloft. 'You can be sure.' Hy appt dat er drok is mei ferskes skriuwen. 'Songs about you'. Ja ja. Ids wynt alle famkes fan Galway om syn lange pianofingers.

Mem woe jûn sels net mear itensiede.

Ik sei: 'Mem moat goed ite. Tink oan de jurk!' Se seach my oan mei grutte eagen yn in smel en skier gesicht, ûndanks de sinnebank. Doe haw ik mar fish 'n chips foar ús helle.

sneon 5 maaie 2018

Hie ik it ferwachtsje moatten? Wist ik it al, ergens fan tefoaren, ûnbewust?

Really, deiboek, soms moatst gewoan ergens yn leauwe. Mar no pas wit ik it seker.

De feestseal wie fersierd mei rôze stof, dêr't lampkes trochhinne skynden. It wie in rôze kessen, in bordeel en in sûkerspin tagelyk. Ik rûn by de plusen stuollen lâns nei it 'alter' (gewoan twa restauranttafels tsjin inoar skood mei in wyt kleedsje deroer). Myn pumps sakken fuort yn it flierkleed. Shit, it feest moast noch begjinne en ik ferlangde no al wer nei myn sneakers. Op de tafel stie in bosk plestik lely's en foto's fan minsken dy't der net by wêze koene. Pake Matthew en beppe Katie en ek de mem fan Kieran. De kearsen baarnden echt, op tiid tocht ik oan myn polyester jurk. Ik fiede foarsichtich oan myn hier. De fascinators siet muorrefêst. Tante Nora hie der in heale bus lak achteroan spuite en sei: 'As beton.'

Der koe dus eins niks misgean.

Ik knypte de eagen healticht en loerde tusken de wimpers troch. Dit wie in romantyske bubbel, hjir soe elkenien ûnskuldich en leaf en moai en ferliedlik lykje. Hjir soe mem har ja-wurd jaan oan in man mei grutte hannen dy't wetterliedings reparearje kin. Warskynlik dreamt mem fan waarme nachten en in lang libben tegearre. Ik soe bliid wêze moatte, om har en har fertrouwen yn de takomst. Mar ik fielde my tryst, as wie der ûnheil op komst.

Ik skopte de hege hakken út en draafde de haltrep op. 'Grace! Nora! Wêr bliuwe jim!' Der wiene wer in pear triennen floeid dus de make-up moast bywurke wurde. Yn de spiegel suchten se tagelyk.

De measte Hollyrockers wiene útnûge yn de rôze bubbel en Kieran ûntfong persoanlik alle gasten by de doar. Syn strik hie deselde kleur as syn holle. It fertedere my.

Deirdre wie yn it donkerblau. Tara hie har stilettohakken wer oan en ik winske har seare teannen foar de dei en de nacht. Mar mei har wytblonde hier like se yn dit rôze ljocht sa moai as Marilyn Monroe.

Nora siet foaroan mei de bûsdoek klear en de fearren fan har fascinator stiene sa heech, dat de frou achter har in stoel opskode. Omke Keith hie syn earste pint al hân en hy like fleurich en fertroud.

Ids wie der noch net doe't de seremoanje begûn. Ik rûn mei de suskes fan Kieran achter mem en har sleepke, sa't it hearde. Alhoewol't ik wol in kear stykjen bleau mei de hakke yn it tapyt. Myn moaie wytglinsterjende skihelling-mem lei har sidene breidsbûket op tafel. Kieran die my tinken oan in grutte grize houtdo, rêstich en hongerich.

Myn taak wie de ringen oanjaan. De amtner spruts oer wiere leafde en trou. It doaske mei ringen lei yn myn polyester skurte, dêr't Ids syn holle yn Galway ek lein hie. Wêr wie hy?

Ik ha no de kâns om de boel te sabotearjen, tocht ik. Wier, deiboek, ik hie it hast dien! De ringen fan my ôf smiten en op pantyfuotten de seal útrûn. Ik bedoel, Joe is dea en hy is noch hyltyd ien grut geheim foar my. Ron wie echt net te fertrouwen. Kieran liket wol okee, mar fan him moat ik it ek noch mar sjen. En Ids hie der al lang wêze moatten. Fuck alle keardels.

Mar op it ôfprate momint joech ik de ringen oan de trouamtner.

OMG! Kieran gong troch syn knibbels!!! It wie it meast awkward momint fan alle Kieran-mominten dy't ik dy al ferteld haw, deiboek.... Hy song nochris fan 'Grace', dêr't hy mem in jier lyn mei ferovere hie. No mei triljende stim: '*With all my love I place this wedding ring upon your finger.*' Elkenien klapte, mem krige de ring fan Kieran en doe tute hy har hertstochtlik. Ja, doe tocht ik dochs wer oan de slijkjende labrador fan Nora en Keith.

We krigen sjampanje. No wie it offisjeel, ik moast der oan leauwe. Ik fylsetearde it breidspear en ik sei tsjin Kieran: 'Goed op har passe.'

'Ja leave Ruby, dat sil ik dwaan,' sei Kieran. Hy stuts syn kin omheech. As in feroveraar, ast it my fregest. En doe joech hy my in fette hug.

Kierans aftershave besocht ik kwyt te reitsjen bûtendoar. Yn de smookhoeke stie Tara, tusken har fingers in e-sigaret. Reade lippen, wite wolkjes, bitchface. Dêr kaam de oanfal al. 'Hi Ruby, wêr is dyn bûtenlânske freon?' Se gychele heech.

Ik sette my skrap. 'Hy komt sa!' sei ik. 'It is in muzikant, dus hy hat in soad oare ferplichtings.' Ruby, toe juh, wat gong it har oan?

De borrel wie al hast ôfrûn doe't lds de klapdoarren trochkaam. Ik fielde dat de holle my hyt waard en warskynlyk read. Hy rûn rjocht op my ôf. 'Hi!' sei ik.

'Hi my love,' sei hy sêft en hy tute my op de mûle. Ik tute him lang werom, ik fielde my oermoedich, dat kaam troch de sjampanje. Ik fielde Tara's eagen yn myn rêch. Ha!!! Sjochst it goed, it is him hear, dit is ommers myn lange knappe freon út Fryslân.

Ids siet neist my tidens it diner, oan syn oare kant siet Tara en dêrneist siet in neef fan Kieran út it doarp, Michael. Ik fertelde lds in lang en stom ferhaal oer lerske brulloftstradysjes. Under de tafel fielde ik syn waarmte wol.

Angus, de heit fan Kieran, brocht in toast út en seach dêrby mem hyltyd oan.

'Ik hjit Grace en Ruby fan herte wolkom yn de O'Reilly famylje! (applaus) Ik proast op it ferline en op in moaie takomst! (applaus) En ik winskje dat it hûs fan Grace en Kieran mar goed waarm stookt wurde mei!' Under it folgjende applaus bûgde Angus him wankeljend oerside om mem in tût te jaan. Hy foel om, ûngefear yn har dekolletee.

De biertaap streamde, it kearsljocht flakkere. De servearsters fregen: 'Salm of byf? Salm of byf?' De breidstaart wie in meter heech. Tegearre setten mem en Kieran it mes yn de taart. It marsepyn bruts, de cake foel yn twaen, iPhones makken foto's. De Jukeboxies spilen Ed Sheeran.

It bal waard iepene troch it breidspear. It sleepke hie Grace foar it gemak fan de jurk helle. Kieran koe gjin maat hâlde, seach ik.

Ik hâld sa fan dûnsjen! Mar lds hie der no gjin sin oan. 'Miskien letter,' sei hy. We dronken bier. Wylst foar ús de minsken hinne en wer beweegden op de dûnsflier, hongen wy ticht tsjin elkoar oan by de bar. Ik socht him, leaf deiboek, hy moast it dochs oanfiele? De jûn duorre al sa lang, ik woe hoopje, ik woe fertrouwe. Ik smachte nei in pear wurden fan him. Net oer lirlân, net oer muzyk, gewoan, oer ús.

'Hoe fielsto dy?' frege ik.

Ids lake, yn it pearse ljocht liken syn toskten witer. Hy antwurde net, drukte syn lippen op myn mûle. Ik priuwde bier. It duorre eefkes en doe draaide hy him om sûnder my oan te sjen. Ien swolch en syn glês wie leech. 'Ik wol even nei bûten, okee? Sjoch dy straks wer.'

Okee, ik kom net achter dy oan. WTF lds, ik leau it wol even. Dûnsje wol ik!

Ik walste mei Angus, mei omke Keith, mei mem. Doe sleepte neef Michael my de dûnsflier op.

'Hoe giet it mei dy Ruby,' frege hy. In bierkegel hong tusken ús yn.

'Oh, goed,' sei ik.

'Hast in leuke freon meinommen.'

'Ja.' sei ik. 'Hy is muzikant en hy komt út Nederlân.'

'Is it yntressanter om it mei in bûtenlanner te dwaan?'

'Hoe bedoelst?' sei ik.

Michael begûn te sjongen: '*Ruby Ruby Ruby Ruby!*' De Kaiser Chiefs - ik hear dat ferske myn hiele libben al. Hy flústere my wat yn it ear. Jakkas, in fint mei wurdjes. Ik krige it benaud mar hy hold my stiif beet. Los, los, los please. We draaiden yn 'e rûnte.

Mar dêr holden grutte hannen ús tsjin. It wie Kieran. 'Hee Michael.' Michael soe wat sizze, mar Kieran skode him nochal gau oan de kant. Hy en ik dûnsen fierder, út de maat. Hy trape my op 'e teannen. 'Thanks,' sei ik. 'You're welcome,' antwurde Kieran.

Ik krige myn nocht fan it dûnsjen. Ik socht lds, koe him nergens fine, fiede my ûnrêstiger wurden. By de wc's trof ik mem. De wite stof ûnder har earms wie wiet. 'Hasto deodorant?' frege se. Op de waskeftabel stie in spuitbuske deo, foar algemien gebrûk. Se spuite ryklik ûnder de earms en wappere.

Wêr wie lds? Noch bûtendoar miskien. It wie let en tsjuster, de groep smokers op it terras wie no hiel grut. De froulju hiene de pumps útskopt en sieten tusken bier en jiskebakken boppe-op de picknicktafels. Manlju hongen tsjin harren knibbels oan. Se laken en dronken.

Ik rûn troch de nacht de grutte hotelút yn, nei it prieel, dat ferskûle stie tusken de rododendrons. De grûn fearre my ûnder de fuotten, it wie net fier.

Ik hearde it hege laitsjen dat ik fan jongsôf oan al ken. Wite wolkjes kringelen nei boppen. Ik twifele even en bleau stean. Doe sette ik de stap om de struken hinne. It earste dat ik seach wiene syn dûnkere krollen, hiel tichtby har wytblonde.

Ik sei: 'Hee, hallo.'

Tagelyk seagen se op. Tara knypte har eagen ticht wylst se efkes oan har sigaret sûgde.

'Hee, hi Ruby.' lds lake, it hier hong noch foar syn eagen. Hy siet op de izeren tafel. In glês bier stie neist him.

Tara hie har stiletto's útdien.

Karen Bies.